



In minske, ek in Fries, bestiet foar 60 prosint út wetter, en Fryslân foar sa'n 45 prosint. Net sa frjemd dat we ús hjir, en yn hiel leech Nederlân, al iuwen drok meitsje oer wetter. Wy binne wrâldferneamd om ús wetterbehear want wy ha mei mûnen en gemalen it wiete lân sa drûchmeald dat wy der tige goed op buorkje kinne. Wy kinne wol op sokken it lân yn. Op dit lân binne wy útgroeid ta ien fan de grutste lânbou-eksporteurs fan 'e wrâld. Wêr't sa'n lyts lân grut yn wêze kin!

5

It kin ek wêze dat wy yn de takomst bekendstean sille as grutte omkoalen. Want wa ûntwetteret sloppe feangrûn no sa bot dat it mar sakket en sakket? En mar trochmealle en ûntwetterje, wylst it seewetter achter de diken heger wurdt. En it lân sa brûke, dat natuer en lânskip faai steane. Binne wy wol sokke tûke wetterbehearders en lânbrûkers? Hoe is it sa kaam en hoe stiet it derfoar achter de diken? En foaral, hoe riede wy ús ta as boeren, boargers en bûtenlju op in takomst mei perspektyf? Koartsein, hoe krije wy wer kleur yn it lânskip? Dat is wêr't dit printeboek oer giet.

OERLIBJE EN FOARÚTKOMME

Lân fan waad, wyn en wetter



Op hiel âlde kaarten is te sjen dat oan de râne fan de Noardsee it âlde Frisia lei. Dat besloech it hjoeddeiske Fryslân, mar ek it kustgebiet fan Flaanderen oan Denemarken ta. It Fryslân fan doe wie in wrâld fan waad, wyn en wetter.

7

It lânskip fan om it begjin fan ús jiertelling oant sa'n tûzen jier letter wie in grutte delta, dêr't oerstreamingen mei sâlt en swiet wetter in tige fruchtber lân foarmen fan waad, kwelders, marren, feansompen, greiden en bosken. De earste bewenners smieten hichten op om te bewenjen – terpen – en sa koene se drûge fuotten hâlde as it wetter heech kaam. De âlde Friezen hiene gâns karakter en wiene sterk genôch om yn dit rûge lân te oerlibjen.

Heech wetter yn de tiid fan de âlde Friezen



- 8 *Yn dy iere tiid wiene der noch gjin seediken; wetter en wyn hiene frij spul. Somtiden setten grutte stoarmfloeden út see wei de hiele streek blank. Ferskate fan ús foarâlden en harren fee binne mei sok rûch waar fersûpt, oaren koene op tiid in drûch plak fine.*

As der hjoed-de-dei gjin diken wêze soene, gie it no noch like mâl, want in grut part fan Fryslân leit leger as de seespegel. De ynfloed fan de see feroarsake net allinne oerstreamingen; it seewetter sette ek fruchtbere klaai ôf, dy't as in tekken oer it fean yn it achterlân kaam te lizzen. Sadwaande fine wy tsjintwurdich yn in grut part fan De Lege Midden klaai-op-feanboaiems. Hoe fierder fan de see ôf, hoe tinner it klaaidekje.

Begrutlik folk?



It Frisia fan doe lei ûnder it regear fan de Romeinen. Sadwaande toarke de Romein Plinius – millitair, amateur-wittenskipper en skriuwer – yn ús kontreien om. De âlde Friezen, dy't nef-fens him op 'modderheapen' wennen, fûn hy mar in begrutlik folk. Mar it wie in lân fan en foar wrotters.

9

Mei de oanlis fan terpen krige de bewenning fan it Fryske lân mear foarm. De bewenners bewurken de grûn op de hegere kwelders en tsjin de terpen oan. Ek al stie de saak som-tiden blank, it fruchtbere lân smiet in soad op. De feansompen yn it achterlân, wat no rûchwei De Lege Midden is, leine leger en strûpten faak ûnder wetter. Pas nei dat diken dit lân omklammen, is ek dit gebiet yn kultuer brocht.

Hannel en de Vikingen



10 *It bestean wie fêst net noflik yn dy tiid. Stoarm en wetter soargen foar ûnwissens en der wie ek gauris houwerij, sa as mei it folk dat eastlik fan de Lauwers wenne. Se diene ek in soad hannel mei oare folken yn bygelyks bûnt, stoffen en fisk. Dêr wiene doe gjin hanneloerienkomsten foar nedich.*

Wy witte fansels net it measte fan dy tiid, útsein dat wat basearre is op fynsten en geskriften. It doetiidske Frisia lei op in ideaal plak tusken de Ryn en de Noardsee. Yn de tiid fan de Vikingen ha de Friezen in wichtige rol spile yn de kuststreken fan de Noardsee. It wiene gjin minsken dy't wat omgriemden, mar profesjonele hannelers. Der gong foar dy tiid dan ek al hiel wat muntjild om. Ek út de fynst fan djoere mantelspjelden (fibula's), ûnder oare by Wynaam, blykt dat dit gloarjedagen wiene foar de Friezen.